

1

O blide dei fan glâns en macht,
no sil ús Hear mei gloarje
boppe de machten troanje.
Sjoch Him al stean yn al syn pracht,
omjûn mei hearlikheid
foar 't antlit fan syn Heit.

2

Hy hat, fan dea en grêf ûntslein,
it libben ta Him nommen;
no is syn oere kommen,
fan âlde tiden al foarsein,
dat Him it ingeleliet
in optein wolkom biedt.

3

De Heit beklait Him op de troan
mei gloarje, macht en eare
en kroant Him as ús Heare.
De hearskippij is oan de Soan,
dy't no mei al syn macht
de lêste fijân slacht.

4

Wa kin syn rjocht en hillichheid
op ierde ooit ferbrekke,
wa doar Him tsjin te sprekken
dy't foar syn folk giet yn 'e pleit?
Nei alle striid en krús
bringt Hy ús ivich thús.

5

Jo, Kening, hearskje wiid en siid,
lit neat jo takomst keare
en set de doarren, Heare,
foar minsken iepen, wagewiid.
Lit ús yn nije klean
bliid nei jo brulloft gean.

tekst Pieter Dinus Kuiper – 'De dag van onze vorst brak aan'
oersetting Bernard Smilde en David de Jong
meldij Genève 1551 – Psalm 21